



PRINSJESDAG

Bart Chabot

Op in moandeitejûn ier fleach ik fan Londen werom nei Schiphol. Nei oankomst belle ik myn frou om te sizzen dat ik feilich lâne wie en der daalk oan kaam. Teminsten, as de Nederlandse Spoorwegen meiwurkje woene en de treinloop it tastie.

‘Hast it net heard,’ sei Yolanda, ‘wat der niiskrekt bard is?’

‘Leave,’ sei ik, ‘ik stap krekt út it fleantúch. Wat soe ik heard ha moatte?’

It bleau stil oan ’e Haachske kant fan ’e telefoan.

‘Skeelt der wat oan,’ sei ik fleurich. ‘Is der wat te rêden?’

Ja, der wie absolút wat te rêden; en dat wie noch swak útdrukt.

Pim Fortuyn wie deasketten. Op it Mediapark. De plysje hie de man dy’t it nei alle gedachten dien hie, arresteard. Mar dêrmei hellen je Pim Fortuyn net werom.

Ik moast tinke oan de politisy dy’t in stientsje bydroegen hiene oan it ‘demonisearjen’ fan Fortuyn, sa’t dat yn it jargon-fan-doe hjitte. Sy soene har foar de telefyzjekamera’s aanst sûnder twivel djip skokt toane troch wat der yn Hilversum bard wie en har ôfgriis útsprekke oer de oanslach.

Om dêrnei har hannen te waskjen yn ûnskuld; dat ek. Wat koe men har ferwite?

Trochstrings hold ik my fier fan polityk De Haach. Gau ris seach ik in politikus troch de Haachske binnenstêd rinnen, al as net yn it selskip fan in wurdfierder of in tassedrager – en dat wie my genôch.

Dat feroare doe’t ik in wike lang mei politika Erica Terpstra opluts by tv-opnamen yn Tanzania.

‘Kanjer!’ begroete Erica my by oankomst op ’e compound dêr’t

wy taholden. ‘Wat wolst drinke?’

‘In kolaatsje,’ sei ik. ‘Mei iis graach.’

‘In wát?’ sei Erica ferbjustere. ‘Witst it seker? No, fuort dan mar.’ Se kearde har nei in ober-yn-livrei. ‘Ien kola foar menear, mei iis. En foar my noch in whiskytsje graach, in dûbele whisky. Ek mei iis.’

Koartsein, it klikte tusken Erica en my, al wie it mar fanwegen ús dielde foarleafde foar iisblokjes. Wy praten ôf dat wy kontakt hâlde soene as wy werom wiene út Tanzania.

Dêr komt ienris werom yn Nederlân fansels neat fan terjochte, tocht ik. Mar dan koest Erica net.

Op in middei belle se my op. ‘Jonge,’ sei se, ‘meikoarten is it wer safier. De fiering fan it hichtepunt fan ús parlemintêre demokrasy. Ien kear riede.’

Se gunde my in koarte stilte dêr’t ik yn beneame koe wêr’t sy op sinde.

‘En dat is?’ sei Erica, doe’t it oan myn kant stil bleau.

‘Prinsjesdag!’

‘Prinsjesdag,’ werhelle ik om foar te kommen dat Erica miene soe dat ik yn ’e sliiep sukkele wie.

‘Dat sis ik, Prinsjesdag!’ sei Erica entûsjast. ‘En wêr wurdt dat fierd?’

Yn in earste opstiging woe ik ‘De Haach’ sizze, mar aldergelokst betocht ik my yntiids dat Erica sa’n antwurd te frijbliuwend fine soe.

‘Yn ’e Ridderseal!’ hearde ik Erica útroppen as stie se neist my.

Erica klonk sa bliid, dat ik my ôffrege oft it wol goed mei har gie.

‘Lústerje, Bart,’ sei se, ‘ik bin Twadde Keamerlid, en yn dy hoedanichheid meist op Prinsjesdag ien gast útnûgje. Wat tinkst? Do bist de gelokkige! Do bist myn gast dit jier, en do hearst de Troanrede live yn ’e Ridderseal. Hoe fynst dy?’

‘Erica,’ sei ik, ‘ik bin dyn man.’

‘Dat tocht ik ek,’ sei Erica. ‘Ien dinkje noch, Bart. Wy ha it oer Prinsjesdag, hin?’

‘Dat wie my net ûntgien, Erica. Mar dochs goed dat it der even

by seist om misferstannen foar te kommen.’

‘Begrypst?’ sei Erica. ‘Dus myn fraach is... Hast in bytsje in fatsoenlik pak yn ’e kleankast te hingjen? Oars moatst der ien hie. Alles bêst fierder, bist in kanjer, mar yn in spikerbroek of slobbertrui kinst dy net oan myn side fertoane. Dat begrypst dochs seker sels ek wol, no?’

‘Erica,’ sei ik, ‘ik rin oer fan begryp.’

‘En hast dat,’ woe Erica witte, noch net foar de folle hûndert prosint oertsjûge, ‘in pak of in kostúm yn dyn garderôbe?’

‘Erica, ik há gjin garderobe. Mar gjin noed, ik organisearje wol in pak byinoar.’

Ik fertelde har mar net dat it iennichste pak dat thús yn ’e linnenkast hong, it pak wie dat ik trettjin jier earder oan hân hie doe’t ik troude mei Yolanda. Sûnt hong it yn in lúkse beskermhoes yn ’e beslettenens fan ’e kast, geduldich wachtsjend oant de dei oanbruts dat it opnij it folle deiljocht yn ’e mjitte komme soe. Mei in bytsje gelok paste it noch altyd; en sa net, dan net: dan waard it in kwestje fan fan needs in de dei de azem ynhâlde.

Och, oerwage ik, as it pak destiids goed genôch west hie om yn te trouwen, dan wie it no seker goed genôch om in Troanrede yn oan te hearren.

‘Geweldich!’ sei Erica. ‘Ik rekkenje op dy! Yn pak, kanjer!’

Op ’e moarn fan Prinsjesdag melde ik my by de yngong fan it Twadde Keamergebou oan ’e Lange Poten.

‘Rinne jo mar troch, menear Chabot,’ sei ien fan ’e befeiligers. ‘Jo wurde ferwachte. Ik sil frou Terpstra belje om te sizzen dat jo arrivearre binne.’

Fuort letter ferskynde Erica yn ’e hal. Mar doe’t ik har begroetsje woe, warde se my ôf.

‘Ik wol dyn advys,’ sei se. ‘Ik ha in hoed, ûntwurpen foar Prinsjesdag troch Edgar Vos, in dierbere freon fan my. Mar ik twivelje. Hoe fynst ’m stean?’

‘Dan moastst ’m earst wol opsette, Erica,’ sei ik. ‘Oars kin ik ûnmooglik ta in ôfwoegen oardiel komme.’

Dêr seach Erica it reedlike fan yn en se sette de buis op ’e holle. Se like, oars as ik har kennen leard hie, net hielendal wis fan har saak. It foel my op dat de befeiligers yn ’e hal mei klam ús kant op seagen.

‘Erica?’ rôp ik út. ‘Ge-wél-dich!’

‘Fynst him net in bytsje te?’ sei Erica.

‘In bytsje “te”? Wolnee, Erica, dat fyn ik no krekt net. Hoe komst derby? Hy stiet dy as is er foar dy makke, dat kopdeksel!’

Lykwols twivele Erica noch en ik rjochte my ta de befeiliger dy’t it tichtste by stie.

‘Fine jo ek net,’ sei ik wylst ik him ynkringend oanseach, ‘dat dy hoed frou Terpstra bûtengewoan goed stiet?’

Ja, knikte de beänte befêstigjend, dat wie er alhiel mei my iens. Wat in hoed.

‘Wêr ha jo dat ding wei, frou Terpstra?’ rjochte er him streekrjocht ta Erica.

‘Dy is spesjaal foar my ûntwurpen, troch de ferneamde couturier Edgar Vos.’

‘En dat kinst wol sjen ek,’ naam ik it stokje oer, om foar te kommen dat de befeiliger in ferkearde ôfslach keas. ‘Dy hoed stiet net ien oars. In topûntwerper, dy Vos. Mei dizze kreaasje soest sels yn Parys goeie sier meitsje, of neam-ris-in-moadehaadstêd. Dêrby,’ gie ik op sêftere toan fierder, ‘kinst it net meitsje om dy hoed net te dragen. Dat soe in mislediging wêze foar dyn freon Vos. Dat krijst net oan him útlein.’

Erica fiede mei twa hannen oft har hoed noch goed siet en net skeefsakke wie.

‘Erica,’ sei ik, ‘do stiest moarn garandearre op ’e foarside fan ’e kranten, en jûn sitst beslist yn it achtoeresjoernaal. Wat ik dy sis.’

Hoeden naam Erica it kopdeksel ôf en kearde him om en om sadat se it ding fan alle kanten besjen koe. It wie min út te meitsjen

wat de foarkant wie fan it ûntwerp en wat de achterkant, mar mochtest derfan útgean dat Edgar it sa ek bedoeld hie.

‘Wat fûn Edgar der sels ein fan,’ sei ik, ‘doe’tst him pastest?’

‘Dy hat it net sjoen,’ sei Erica. ‘Edgar wie net yn ’e saak doe’t ik justermoarn de hoed ophelle. Hy soe middeis pas komme. By him yn ’e strjitte is de dyk opbrutsen, fanwegen wurksumheden oan ’e riolearringsbuizen, dêrom.’

Der begûn my wat te daagjen. Hie Edgar him by it ûntwerp fan ’e hoed ynspirearre litten troch de by him yn ’e strjitte omslengerjende pipen en liedingen?

‘Witst,’ sei Erica justjes wisser fan har saak, ‘dat ik dy tradysje begûn bin, de Nasjonale Huodsjesparade op Prinsjesdag?’

‘Set ’m noch ris op, Erica,’ sei ik. ‘Ja, hiel goed; en set ’m no ris krekt wat skean. Sadat er in hiel lyts bytsje nei rjochts oerhinget. Soest ’m ek nei links oerhingje litte kinne, mar do, yn dyn hoedanichheid fan echte liberaal... Justjes nei rjochts. Net te bot, hear! Pas op, dan slacht er om en bist ’m kwyt. Ja, sá! Dát bedoel ik! Dat is ’m, Erica! En no net mear ôfsette, wat der ek bart! Wat fertelst my no?! Sit der ek noch in swarte wale by? No, triuw dy mar yn ien as oar burolaad. Tusken de kommisjerapporten, fuortgongsferslaggen en ûndersyksbefindingen. Ik ha sa’n idee datst dêr it ûnderste laad foar ha moatst. Us freon Edgar moat de saken net op ’e spits driuwe. Wy binne hjir net op in begraffenis. It is Prinsjesdag!’

Erica seach op har polshorloazje.

‘Wy moatte noch avenseare!’ sei Erica, ynienen ûngeduldich wurden. ‘Oars helje wy de Troanrede net! Dat krijst fan al dat geëamel.’

Wy makken dat wy yn ’e hal kamen dy’t tagong joech ta it Binnenhof en woene ús earm yn earm de lêste fiif, seis meter nei de útgong bejaan doe’t fan rjochts in politikus tichter by kaam dy’t fan ’e telefyzje kennen leard hie as ien fan ’e felle tsjinstanners fan Fortuyn.

‘Wa ha wy dêr?’ sei Erica. ‘Mei ik dy foarstelle? Myn gast fan hjoed. In dichter. Ik siet mei him yn Tanzania, foar it telefyzjeprogramma Villa Felderhof, witst wol. In alderaardichste tiid hân tegearre.’

De politikus seach my minlik oan. Syn blik joech de yndruk dat der – mocht er ûnferhoeds komme te ferstjerren – oan him gjin grut poëzyleafhawwer te betreurjen wêze soe.

Ik woe trochrinne, mar Erica joech in lytse hoart oan myn earm sadat ik út balâns rekke en hast it lykwicht ferlear.

‘Nei dy,’ sei Erica alderfreonlikst tsjin ’e politikus. ‘Nei dy.’

Sûnder in tankjewol rûn de politikus troch en hy kaam yn ’e buert fan ’e automatyske skodoarren, dy’t hastich foar him fansiden giene. Foar it earst hjoed waard ús in blik gund op it Binnenhof. It plein wie ôfladen. De tribunes dy’t lâns de regearingsgevels opboud wiene, puollen safier it each rikte út mei Oranjefans. Koest mei rjocht de yndruk krije dat der gâns mear tagongsbewizen ferkocht wiene as dat der sitplakken beskikber wiene.

By it sjen fan ’e politikus ferstommen de tribunes. Stiigde der noch mar in pear sekonden lyn noch in jûchhei op út kringen fan Oranje-oanhingers, no swijden de vuvuzela’s, trommels en rattels, lyk as de opteine jubelstimmen en sprekkoaren.

De lju giene sitten.

In wapene stilte bemastere it Binnenhof. Yn dy stilte bejoech de politikus him op wei nei de yngong fan ’e Ridderseal, dy’t in goeie tachtich meter fierderop, mar foar him ynienen kilometers fier wie. Dit soe duorje.

Dêr gie er. Mei heech oplutsen skouders en de holle foaroerbûgd, as wurke it lichem bûten it witten fan ’e politikus om oan in bochel. De stilte ferhurde.

Doe’t de politikus healwei syn martelgong wie, betsjutte Erica my mei in twadde hoart oan myn earm dat wy it Binnenhof opgean moasten.

‘En no wy,’ sei Erica oerstallich.

Trije ienfâldige, ûnskuldige wurdjes, ‘en no wy’, dy’t net it minste kwea oanrjochtsje koene.

Kwealik hie ik yn neifolging fan Erica de soal fan myn rjochterskoech foar it earst op ’e klinkerts fan it Binnehof delkomme litten of in wier pandemoanium barste los. De tribune dêr’t wy ús lâns nei de Ridderseal bejaan moasten, skeat as ien man jûgjend oerein. Suver fuort folgen de oare tribunes op it plein. En ek de tribunes dy’t wat fierder fuort stiene, dy’t mooglik in minder skerp sicht beaën op wat der geande wie, traktearren ús op in steande ovaasje.

Wy hiene noch gjin twa stappen set of de sprekkoaren setten yn.
‘Erica! Erica! Erica!’

Alarmearre troch it gejoel fan ’e tribunes seach de politikus om.
Wat wie der geande achter syn rêch?

‘E-ri-cáá!! E-ri-cáá!! E-ri-cááá!!’

It gejoel hold oan, ek nei’t Erica en ik de Ridderzaal yngien wiene en ús sitplakken ynnamen. De politikus seach ik dêr yn alle Prinsjesdagdrokte en midden tusken de oare politisy net mear, mar him koe it ûnberonge fjoer fan ’e tribunes foar Erica dat yn ’e Ridderseal lûd en klear te hearren wie, ûnmooglik ûntgean.

De oare deis wiene de kommentaren op Erica’s kopdeksel net inkeld posityf.

Sa lies ik kwalifikaasjes as ‘de kuierjende skoarstienpiip’ en ‘Erica Teletubbie’. Mar moai dat wy it achtoeresjoernaal hellen en, lyk as foarfield, op ’e foarside pronken fan deiblêd Trouw, ynklusyf hoed.

‘Tink dy ris yn,’ sei ik doe’t ik Erica belle, ‘datst dy kachelspiip net ophân hiest. Dat hie dy samar de freonskip mei Edgar kostje kinnen.’

Oan ’e politikus makken wy gjin wurden smoarch. Dy reizgje it ferjitboek yn ’e mjitte, in tocht dêr’t wy him net op steure woene.

Bart Chabot (1954) is dichter, skriuwer en poadiumbist. Yn 1981 debutearre er mei de dichtbondel *Popcorn*. Chabot belibbe syn literêre trochbraak nei it grutte publyk mei syn fjouwerdielige biografy oer Herman Brood. Yn 1989 stie er foar it earst yn it teäter mei Remco Campert en Jan Mulder. Yn 2020 ferskynde *mijn vaders had*, in roman oer syn eigen jeugd. Yn 2021 ferskynde it ferfolch: *hartritme*. Yn 2022 wûn Bart Chabot de lêste Jip Golsteijn Journalistiekprijs foar syn ynterview mei Golden Earring-sjonger Barry Hay.

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan de Leescoalitie yn it ramt fan de Nasjonale Foarlêslunsj 2022. Op freed 7 oktober, Nasjonale Alderendei, hat de tsiende edysje plak fan de Nasjonale Foarlêslunsj. By de gelegenheid fan it jubileum skriuwe mar leafste trije auteurs dit jier in spesjaal Foarlêslunsjferhaal; Bart Chabot, Marion Bloem en Kader Abdolah. Dizze gloednige ferhalen wurde mei de sân ferhalen dy't earder skreaun waarden foar de Foarlêslunsj bondele yn in spesjale útjefte: it Nasjonale Foarlêsboek – Foarlêsferhalen foar folwoeksenen.

By de Nasjonale Foarlêslunsj lêze bekende en ûnbekende Nederlanners foar oan âlderen troch it hiele lân hinne. Kader Abdolah lêst syn ferhaal sels foar op telefyzje, om 13.15 uur by Omroep MAX op NPO1. De Foarlêslunsj wurdt organisearre troch de Leescoalitie yn oparbeidzjen mei de Biblioteken en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen deibesteging is, dy't bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen.

Wolle jo mear witte oer de Foarlêslunsj?
Gean nei: www.nationalevoorleeslunch.nl.

